

# ‘Abdu’l-Bahá

In Kar út Syn

Skriften en Taspraken

## YNHALD

	side
It minskdom doarmet yn tsjusternis	9
Wiere godstsjinst	11
Ienheid fan de Profeten	16
De godlike Genêzer	17
Learingen fan Bahá'u'lláh	19
Gebed en Meditaasje	23
De Geast is progressyf	25
It ivige Keninkryk	26
It ljocht is ien	28
Ienheid fan ras	30
In nije maatskippij	33
Sân kearsen fan ienheid	34
Stoflike en geastlike ienheid	36
De grûnslach fan de ekonomy	37
Gearwurking is needsaaklik foar de minsken	38
De ienheid fan it minskdom	39
It doel fan de skepping fan de minske	41
De minske en de natuer	44
It boppenatuerlike yn de minske	46
De doar nei godlike kennis	51
It ferbûn	53
De hoekstien fan religy	55
 Ynlieding oer it Bahá'í Leauwe	 57

Ut it Nederlânsk oerset  
mei rieplachtsjen fan  
de Ingelske útjefte.

1985

Der is oan taheakke in ynlieding oer it  
Bahá'í Leauwe.

© Pleatslike Geastlike Ried fan Smellingerlân,  
Drachten.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier  
makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek,  
sûnder skriftlik goedfinen yn't foar fan de útjouwer.

## FOARWURD.

It Bahá'í boadskip waard troch 'Abdu'l-Bahá mei gâns fertuten ferspraat yn Azië, Europa en Amearika. Dizze karlêzing út de skriften en ta-spraken fan 'Abdu'l-Bahá is foar it grutste part ûntliend oan Syn taspraken, dy't er yn 1912 yn de Feriene Steaten hâlde. Dy waarden op't plak sels nei foaren brocht en oan 'e hân fan troch Bahá'í taharkers makke notysjes, koene hûnderten derfan yn 1921 yn "The Promulgation of Universal Peace" ôfprinte wurde.

Ta 'Abdu'l-Bahá, as de learaar en freon, kamen manlju en froulju fan elk ras, elke rjochting fan leuwe en naasje, om as wolkomme gasten oan Syn tafel oan te sitten, Him te rieplachtsjen oer de sosjale, geastlike of seedlike fraachstikken, dy't in elk it neist oan it hert leine en om nei in ferbliuw fan in mannich oeren of fan in mannich moannen besiele, fersterke en ferlichte nei hûs werom te gean. Grif hat der nearne op 'e wrâld sa'n gastfrij hûs west. Binnen syn muorren foel de strange ôfskieding fan Yndiaske kasten wei, it rassefoaroardiel fan Joad, Kristen en Moslim waard suver fuortreage út it oantinken en alle konvinsje moast plak meitsje foar de essinsjele wet fan in leafdefol hert en in besiele geast, troch de sympathy fan de master fan it hûs, dy't allegear ien makke. It wie lykas kening Arthur en de Rûne Tafel .... mar in Arthur dy't froulju likegoed as manlju ta ridders sloech en harren útstjoerde nei mei it swurd, mar mei it wurd.

## IT MINSKDOM DOARMET YN TSJUSTERNIS

1. It minskdom doarmet hjoeddedei yn tsjusternis, om't it gjin fieling mear hat mei de wrâld fan God. Dêrom binne de tekens fan God net sichtber yn it hert fan de minske. De krêft fan de Hillige Geast wurdt net field. Wannear 't in geastlik, godlik ljocht yn 'e wrâld ferskynt en oan 'e minsken godlike learing en lieding jûn wurdt, folget ferljochting. In nije geast is te fernimmen, in nije krêft komt del en der ûnstiet in nije wize fan libjen. Krekt as komt men út 'e bistewrâld en wurdt men berne yn dy fan de minske. Wannear't de minske hegere deugden wint, sil de ienheid fan it minskdom sichtber wurde, it findel fan wrâldfrede heve wurde, de lykweardigens fan alle minsken ferwurklike wurde en it easten en it westen ien wurde. Dan sil Gods gerjochtichheid klear bliken dwaan, alle minsken sille as ien famylje wêze en elk lid fan dy famylje sil him wijs oan it befoarderjen fan gearwurking en help fan wjerskanten. It ljocht fan Gods leafde sil skine en ivige loksilligens sil iepenbiere wurde, wylst bliuwende blydskip en djippe geastlike freugde wûn wurde sille.

2. Tsjintwurdich is der yn 'e wrâld ferlet fan ynternasjonale ienheid en fermoedsoening. Dy wichtige grûnbegjinsels kinne allinne mar fêstige wurde mei help fan in driuwende krêft. It seit himsels dat ienheid fan 'e wrâld en de Allergrutste Frede net ta stân brocht wurde kinne mei materiële middels. Hja kinne net fêstige wurde troch politike macht, want de naasjes hawwe ferskillende politike belangen en it steatsbelied fan de folken rint útien en is

tsjinstridich fan aard. Likemin kinne se troch rasiale of nasionale macht fêstige wurde, want dy minsklike machten binne op harsels ynsteld en net tarikkend. Rasiale skelen en nasionale foaroardielen steane út soarte it ta stân kommen fan dy ienheid en oerienstimming yn 'e wei. Wy sjogge dan ek dat it befoarderjen fan de ienheid fan it minskdom, dat de kearn is fan de learingen fan alle Manifestaasjes fan God, allinne mooglik is troch de godlike macht en troch de asem fan de Hillige Geast. Oare machten binne te swak en net by steat om dat ta stân te bringen.

De minske hat twa wjukken nedich. De iene wjuk is dy fan fysike krêft en stoflike beskaving, de oare dy fan geastlike krêft en godlike beskaving. It is net mooglik mei ien wjuk te fleanen. Beide wjukken binne nedich. Stoflike beskaving, al is't noch sa heech, kin allinne folmakke wurde troch de ferheffende wurking fan geastlike beskaving.

3. De hiele minskewrâld is siik. It middel om har wer sûn te meitsjen is de ienheid fan it minskdom. De Allergrutste Frede is har libben. Hja wurdt ferljochte en ta libben roppen troch de leafde. Har gelok leit yn it winnen fan wat geastlik folmakke is. Ik hoopje fan herten dat wy troch de genedejeften en de geunsten fan de Seinige Skientme (Bahá'u'lláh) ta nij libben komme meie, nije krêft fine meie en in hearlike boarne fan geastkrêft krije meie, dy't sûnder wjergea is, sadat de Allergrutste Frede, dy't God jout, fêstige wurde sil op de grûnslaggen fan de ienheid fan it minskdom mei God. Mei de leafde fan God út dizze stêd en dizze

gearkomste wei nei alle lannen om ús hinne útdroegen wurde. Ja, mei Amearika it mulpunt fan geastlike ferljochting wurde, dêr't dizze himelske segen wei útstreamt oer de hiele wrâld. Want Amearika hat gruttere fermogens en krêften ûntwikkele as oare lannen. It is wier dat de Amerikanen in hege materiële beskaving berikt hawwe, ik hoopje lykwols dat dêrnjonken geastlike krêften dit grutte folk besiele meie, sadat in like hege geastlike beskaving ta stân komt.

#### WIERE GODSTSJINST

4. Wiere godstsjinst is de boarne fan leafde en ienriedigens ûnder de minsken en de oarsaak fan de ûntjouwing fan loflike eigenskippen; mar de minsken hâlde fêst oan it neimakke en ferfalske en hawwe gjin each foar de wurklikheid dy't ferienet; sadwaande is de glâns fan de godstsjinst har alhiel ûntnommen. Sy folgje it byleauwe dat se fan har âlden en foarâlden meikrigen hawwe. Dat is sa bot gien dat se it himelske ljocht fan godlike wierheid weinommen hawwe en no yn it tsjuster fan neibauwerij en ynbylding sitte. Datjinge wat ornearre wie om libben te jaan, late ta de dea; wat in tsjûgenis fan kennisse west hawwe moast, is no in bewiis fan ûnkunde; wat mei tsjinje moast om de minsklike natoer te ferheegjen, hat bliken dien dy krekt te ferleegjen. Sadwaande is it ryk fan de dogmatikus linkendewei beheinder en diziger wurden en dat fan de materialist grutter en wider; want de dogmatikus hâlde fêst oan it neimakke en ferfalske en sloech gjin acht op it hillige en de wijde wurklikheid fan de godstsjinst. As de sinne ûndergiet is it tiid foar de flearmûzen om der op út.

5. Yn godstsjinst komt de godlike wurklikheid ta utering. Dêrom moat dy libben, besiele, yn beweging en foarútstribjend wêze. As er stil stiet en net foarútstribbet, sit der gjin godlik libben yn; dan is er dea. De godlike wetten wurkje aloan troch en ûntjouwe har stadichoan; dêrom moat de iepenbiering dêrfan ek hieltyd troch gean. Alle dingen feroarje. Dit is in ieu fan libben en fer-nijing. Wittenskip en keunst, yndustry en útfin-ingen binne feroare. De wetjouwing en de ethyk binne wizige. De wrâld fan it tinken is ta nij libben kommen.

Sil it despotisme fan eardere regearingen harkje nei de rop om frijdom dy't in dit tiidrek fan ferljochting út it hert fan it minskdom op-stiicht? It is wol klear dat wy no gjin wichtige resultaten ferwachtsje kinne fan de gewoanten, ynstellingen en stânpunten fan earder. Mar moatte dan tsjintwurdich noch wol it gods-tsjinstige libben en de geastlike ûntjouwing fan it minskdom laat en behearske wurde troch it blynwei neifolgjen fan brûkmen fan foarâlden en har théologyske útlizzings? Sil de minske, bejeftige mei de krêft fan it ferstân, de dogma's, oertsjûgings en oerlevere foarmen fan leauwe, dy't er, nei se hifke te hawwen, net mear oannimme kin yn dizze ieu fan strieljende wurklikheid, dochs sûnder der by nei te tinken folgje en oanhingje?

Ut it sied fan 'e wurklikheid is in beam woeksen, de beam fan 'e godstsjinst, dy't tûken en blêden, blommen en fruchten fuortbrocht hat. Nei ferrin fan tiid waard it der mei dy beam net better op. De blêden en blommen ferwylgen en fergiene, de beam krige it swier te ferduorjen en joech gjin



frucht mear. It is net binlik dat de minske oan de âlde beam fêsthâlde soe en sizze soe dat syn libbenskrêften net mindere binne, syn fruchten sûnder wjergera en dat er ivich libje sil. It sied fan 'e wurklikheid moat op 'e nij siedde wurde yn 'e herten fan 'e minsken, sadat dêr in nije beam út waakse mei en nije godlike fruchten de wrâld ferkwikke. Dêrtroch sille de naasjes en folken dy't no troch godstsjinst ferdiel binne, ien wurde, men sil ophâlde mei it blyn wei folgjen en der sil in wiere univerversale bruorskip ta stân komme. Oarloegen en striid sille ophâlde te bestean; alle minsken sille as tsjinners fan God yn frede mei inoar libje.

6. Alle grutte godstsjinstens hawwe twa soarten fan wetten. Foarst dyjinge dy't slaan op de geastlike ûntfanklikheid, de ûntjouwing fan seedlike begjinsels en it wekker meitsjen fan it gewisse fan de minske. Dy wetten binne essinsieel of fundaminteel, ien en deselde yn alle godstsjinsten, ûnferoarlik en ivich, in wurklikheid dy't net bleatleit foar feroaringen. De Hillige Abraham kundige dy wurklikheid oan, de Hillige Mozes makke him iepenbier en de Hillige Jezus fêstige him yn 'e minskewrâld. Alle Profeten en Boadskippers fan God wiene de wurktugen en kanalen foar dy ivige essinsiele wierheid.

De twadde soarte fan wetten yn de grutte godstsjinsten binne dyjinge dy't slaan op de stoflike saken fan it minskdom. Dat binne de materiële of bijkommende wetten dy't bleatlizze foar feroaring yn elk nij tiidrek fan iepenbiering, en oerienkomme mei de easken fan de tiid, de

omstannichheden en feroarjende betûftens fan it minskdom.

7. Yn ús sinnestelsel is de sinne sels it mulpunt fan ljocht. Troch it wollen fan God is dat sintrale himelljocht de iennichste boarne fan it bestean en de ûntjouwing fan alles wat wy waarnimme kinne. As wy de organismen fan de stoflike riken achtslaan, sjogge wy dat har groei en ûntjouwing ôfhinklik binne fan de waarmte en it ljocht fan de sinne. Sûnder dy libbenjaande ympuls soene der gjin beammen of planten waakse, likemin soe it bestean fan bisten en minsken mooglik wêze; it is wis dat der dan gjin inkele foarm fan skepen libben op ierde te fernimmen wêze soe. Mar as wy der djip oer neitinke, sille wy merkbite dat God de grutte jouwer fan it libben is; de sinne is de midsmen fan Syn wollen en plan. Want sûnder de foldiedigens fan de sinne soe de ierde yn tsjusternis bewuolle wêze. Alle ljocht fan ús planetestelsel komt fan de sinne.

Krekt gelyk moat der ek yn it geastlik ryk fan begryp en idealisme in mulpunt fan ljocht wêze, en dat is de ivich-duorjende, ivich-skinende Sinne, it Wurd fan God. Syn ljochten binne de ljochten fan de wurklikheid dy't op it minskdom skynd hawwe, dy't it ryk fan it tinken en de moraal ferljochte en de genedejeften fan de godlike wrâld oan de minsken jûn hawwe. Dy ljochten binne de oarsaak fan 'e opfieding fan 'e sielen en de boarne fan 'e ferljochting fan 'e herten, trochdat se mei strieljende pracht it bliid boadskip fan it keninkryk fan God útstjoere. Koartsein, de seedlike en ethyske wrâld en dy fan de geastlike werberte hingje foar har fernijing ôf fan dat himelske Mulpunt fan ljocht.

It strielet it ljocht fan 'e godstsjinst út en jout libben oan 'e geast, besielet it minskdom mei deugden dy't har skaaimerke binne en jout ivige glâns. Dy Sinne fan Wurklikheid, dat Mulpunt fan skittering is de Profeet of Manifestaasje fan God. Lykas de stoflike sinne op 'e stoflike wrâld skynt en libben en waaksdom jout, sa jout de geastlike of profetyske Sinne ferljochting oan 'e minsklike wrâld fan it tinken en it ferstân en as dy Sinne net oan de kime fan it minsklik bestean ferriisd wie, soe it ryk fan de minske yn tsjuster bewolle en útdôve wêze.

8. Sjoch hoe't it yn 'e tiid fan de Hillige Christus wie. Doe wiene der in protte folken, rassen en regearen, ferskate godstsjinsten, sekten en rjochtingen, mar doe't Christus ferskynde, die bliken dat de Messiaanske wurklikheid it mienskiplike mulpunt wie dat har feriene ûnder deselde tabernakel fan ienriedigens. Tink dêr mar ris oer nei. Soe Jezus Christus dy útienrinnende groepearingen gearbringe of dy resultaten berikke kind ha troch politike macht? Soe sa'n ienheid en ienriedigens mooglik west ha troch stoflike krêften? Grif net. Nee, dy ferskate folken waarden earder gearbrocht troch in godlike krêft, troch de asem fan de Hillige Geast. Hja waarden wekker roppen en gearraand troch it nije libben dat har ynblaasd waard. De geastlike krêft fan Christus oerwûn har swierrichheden sadat har skelen folslein ferdwûnen. Sa waarden al dy ferskillende folken gearsmeid ta in leafdesbûn dat allinnich de herten ferienigje kin. Wy sjogge dus dat de godlike Manifestaasjes, de hillige wurdfierders fan God, de mienskiplike Mulpunten fan God binne.

Dy himelske Boadskippers binne de wiere hoeders fan it minskdom, want hieltyd as ien fan harren yn 'e wrâld ferskynt, ferieniget dy de fersille skiep. It mienskiplike Mulpunt is altyd yn it easten ferskynd. De Hillige Abraham, Mozes, Christus, Mohammed wiene de mienskiplike Mulpunten foar har tiid en allegear ferskynden se yn it easten. No is de Hillige Bahá'u'lláh it mienskiplike Mulpunt fan de ienheid fan it hiele minskdom en de glâns fan Syn ljocht is ek opgien yn it easten. Hy grûndearre de ienheid fan it minskdom yn Perzië. Hy fêstige ienheid en ienriedigens ûnder de ferskate folken mei har godstsjinstige leauwen, rjochtingen, sekten, en earetsjinsten troch har te befrijen fan de boeien fan blynwei neifolgjen en byleauwe en har te lieden nei de wiere grûnslach fan godstsjinsten. Fan dy grûnslach út skynt it geastlik ljocht dat laat ta ienheid, de leafde foar God, de kennis fan God, pryslike seden en minsklike deugden. Bahá'u'lláh fernijde dy begjinsels lykas it kommen fan de maaitiid de ierde opkwikt en yn de hiele natoer nij libben bringt.

#### IENHEID FAN DE PROFETEN

9. De godlike Profeten binne feriene yn folleine leafde. Elk fan Harren hat it bliid Boadskip brocht fan de komst fan Syn opfolger en elke opfolger hat Dejinge dy't Him foargie bekrêftige. Hja foarmen de heechste ienheid mar ûnder har folgelingen hearsket deilisskip. Mozes bygelyks brocht it bliid boadskip fan de komst fan Christus en Christus bekrêftige de rang fan Mozes. Dêrom bestiet der tusken Mozes en Jezus gjin ferskil of tsjinspraak. Hja foarmje in

folsleine ienheid, mar tusken de Joad en de Christen hearskje deilisskippen. As dus de Christenen en de Joaden de wurklikheid ûndersykje dêr't de learingen fan har Profeten op grûndearre binne, sille se as freonen libje en yn de grutste leafde meiinoar omgean, want de wurklikheid is ien en net twa- of mearfâldich. As dat ûndersyk fan de wurklikheid op 'e hiele wrâld dien wurdt, sille de naasjes dy't no ferdield binne alle godlike Profeten en alle Hillige Boeken erkenne. Der sil gjin spul en kreauerij mear wêze en de wrâld sil ien wurde.

#### DE GODLIKE GENEZER

10. Wy kinne it minskdom fergelykje mei de yndividuele minske; ek dat hat syn sykten en krupsjes. In kundige dokter moat de sykte fan de pasjint fêststelle. De Profeten fan God binne de wiere dokters. Yn elk tiidrek dat sy ferskine behannelje sy de steat fan it minskdom. Sy kenne de sykten, sy fine de ferburgen oarsaken en jouwe de fereaske remeedzje oan. Elk wa't troch dy remeedzje genêst sil foar ivich sûn wêze. Yn de tiid fan Jezus Christus bygelyks waard it minskdom besocht mei alderhanne kwalen. De Hillige Jezus Christus wie de wiere genêzer. Hy ferskynde, koe de symptomen en skreau de goede remeedzje foar. Wat wie dy remeedzje? It wie Syn iepenbiere lear dy't apart foar dat tiidrek ornearre wie. Neitiid oppenearren har ferskate nije sykten en skelen yn 'e mienskip. De wrâld waard wer siik, ferskate oare kwalen oppenearren har, benammen op it Arabyske skiereilân. Dêr liet

God de Hillige Muhammad ferskine. Dy kaam en joech de krekte remeedzje, sadat de Arabieren yn dy tiid sûn, sterk en manhaftich waarden.

Tsjintwurdich wurdt it minskdom besocht mei slimme sykten en skelen dy't ta de dea liede kinne. Dêrom is de Hillige Bahá'u'lláh ferskynd. Hy is de wiere dokter dy't godlike remeedzje jout en beterskip foar de minske-wrâld. Hy hat foar alle sykten learingen brocht: de Ferburgen Wurden, Ishrakhat, Tarazat, Tajalleyat, Wurden út it Paradys, Bliid Boadskip, ensf, ensf.\* Dy hillige wurden en learingen moatte de maatskippij wer better meitsje. God hat se foarskreaun as it wiere medisyn foar de krupsjes dêr't it minskdom mei besocht is. Dêrom moatte wy dy genêzende remeedzje oannimme en der gebrûk fan meitsje sadat wy wis binne fan in folsleine betterskip. Elk dy't libbet neffens de learingen fan Bahá'u'lláh is frij fan de sykten en kwalen dy't rûnom yn 'e wrâld hearskje. Wa't dat net docht sil besocht wurde mei egoïsme, sykten fan 'e geast, gebreken en ûndeugden en de libbenjaande genedejeften fan God sille net syn diel wêze.

Bahá'u'lláh is de wiere genêzer. Hy hat de oarsaken fûn fan de sykten dêr't it minskdom oan lijt en de needsaaklike behandeling foarskreaun. Wêr't it by syn genêzende remeedzje op oan komt is: de kennis en de leafde fan God, it loslitten fan alles útsein God, jins antlit yn oprjochtens keare nei it Keninkryk fan God, in ûnbetinge leauwe, stânfêstens en trou, goedgeunstigens foar alle skepsels en it winnen fan de foar de

\* Dy boeken binne noch net oerset yn 't Frysk.

minsken ornearre godlike deugden. Dêr giet it om by de learingen fan Bahá'u'lláh, it geheim fan ivich wolwêzen, de remeedzje en genêzing foar de minsken.

#### LEARINGEN FAN BAHÁ'U'LLÁH.

11. Ik wol no wat sizze oer bepaalde learingen fan Bahá'u'lláh. Alle godlike begjinsels dy't troch de Profeten fan alear ferkundige binne, kinne wy weromfine yn de wurden fan Bahá'u'lláh. Mar boppedat hat Bahá'u'lláh in tal nije learingen iepenbiere dy't yn gjin inkeld hillich boek fan eardere tiden te finen binne. Ik sil der in pear fan neame; it grutte tal oaren kinne jim fine yn de boeken, tafels en brieven dy't skreaun binne troch Bahá'u'lláh, lykas de Ferburgen Wurden, it Bliid Boadskip, de Wurden fan it Paradys, Tajalleyat, Tarazat en oaren.\* Sa steane der ek yn it Kitáb-i-Aqdas (Hillichste Boek) nije learingen dy't net te finen binne yn ien fan de eardere boeken of brieven fan de Profeten.

In fundamintele learing fan Bahá'u'lláh is de ienheid fan it minskdom. Bahá'u'lláh seit tsjin de minske: "Jimme binne allegearre de blêden fan ien beam en de fruchten fan ien tûke." Dat betsjut dat it minskdom fergelike wurde moat mei in beam; de naasjes of folken binne de ferskillende tûken of twigen fan dy beam en de yndividuele minsken binne de blommen en fruchten derfan. Sa joech Bahá'u'lláh de ienheid fan it minskdom wer wylst yn alle godstsjinstige lea-

\* Dy boeken binne noch net oerset yn 't Frysk

ringen fan earder tiden it minskdom foarsteld waard as wie it ferdieltd yn twa parten; it iene part as it folk fan it Boek fan God of de goede beam, it oare part as it folk dat ûntrou is en doarmet of de kweade beam. De earsten waarden beskôge as it folk dat leaude en de oaren as de mannichte ûnleauwigen en trouweleazen. De earsten ûntfange Gods barmhertichheid, op de oaren rêst de grime fan har Skepper. Bahá'u'lláh makke in ein oan dit ynsjoch, hy ferkundige de ienheid fan it minskdom en dat begjinsel is kreker út-wurke yn Syn learingen, want Hy hat it hiele minskdom ûnderdompele yn de see fan godlike grutmoedichheid. Guon minsken sliepe noch, sy moatte wekker makke wurde. Oaren binne siik, sy moatte better makke wurde. Wer oaren binne ûnfolwoeksen, lykas bern, sy moatte grutbrocht wurde. Mar allegear ûntfange se de mylde jeften fan God.

In oar nij begjinsel, troch Bahá'u'lláh iepenbiere, is dat de minsken mei klam oplein wurdt om nei de wierheid te sykjen; dat wol sizze dat gjinien blynseach it foarbyld fan syn foarfaars folgje mei. Nee, elk moat mei syn eigen eagen sjen, mei syn eigen eare hearre en sels de wierheid ûndersykje, sadat er dy folgje kin yn stee fan blynseach yn te stimmen mei it leauwe fan syn foarfaars en dy nei te folgjen.

De Hillige Bahá'u'lláh ferkundiget dat de grûnslach fan alle godstsjinsten deselde is; dat ienheid wierheid is en wierheid ienheid, sadat mearfâldigens útsletten is. Dy learing is nij en tekenjend foar dizze Manifestaasje.

Hy jout in oar nij begjinsel foar dizze tiid yn



de oankundiging dat godstsjinst ienheid, harmony en ienriedigens ûnder de minsken bringe moat. As godstsjinst spul en deilisskip jout, as it liedt ta skieding en kreauwerij soe it better wêze dat der yn 'e wrâld gjin godstsjinst bestie.

Hy ferkundiget fierder dat godstsjinst yn oerienstimming wêze moat mei wittenskip en ferstân. As godstsjinst net oerienstimt mei wittenskip en mei ferstân, dan is it byleauwe. Oant no ta wie it wizânsje in godstsjinstige learing oan te nimmen sels al kaam dy net oerien mei it minsklik ferstân en oardiel. Mei de ferklearing fan de oerienstimming fan godstsjinst en ferstân hat Bahá'u'lláh in nije eachweid foar de minske iepene.

Hy stelt de lykweardigens fan man en frou fêst. Dat is wat aparts yn de Lear fan Bahá'u'lláh, want alle oare godstsjinsten hawwe de man boppe de frou steld.

In nij godstsjinstich begjinsel is, dat sektaarysk, konfessioneel, patriotsk of polityk foar-oardiel en ûnferdraachlikens, de grûnslach fan ienriedigens ûnder de minsken ferneatigje; de minske moat him dus fan dy bannen befrije sadat de ienheid fan it minskdom sichtber wurde kin.

Bahá'u'lláh bewisset dat wrâldfrede de heechste foltôging is fan de tsjinst oan God. Dy frede moat hearskje tusken de folken, tusken regear en folk, tusken de godstsjinsten, rassen en klassen. Dat is ien fan de aparte skaaimerken fan it Wurd fan God dat yn dizze Manifestaasje iepenbiere is.

Bahá'u'lláh ferklearret dat it hiele minskdom kennis winne moat en in opfieding krije moat. Dat is in needsaaklik begjinsel fan godstsjinstich leauwe en it neikommen dêrfan tekenjend nij indizze beskikking.

Bahá'u'lláh hat it ekonomyske fraachstik dúdlik makke en de oplossing dêrfoar oanjûn. Gjin ien hillich Boek fan eardere Profeten behannelt dit wichtige fraachstik fan it minskdom.

Hy hat it Hûs fan Gerjochtichheid ynsteld en oprjochte, dat sawol in politike as in godstsjinstige funksje krige hat, de folsleine ienheid en gearraning fan tsjerke en steat. Dy ynstelling stiet ûnder it hoedzjende bewâld fan Bahá'u'lláh Sels. Der moat ek in universeel of ynternasjonaal Hûs fan Gerjochtichheid oprjochte wurde. De beslissingen fan dat Hûs sille neffens de geoaden en learigen fan Bahá'u'lláh wêze, en alles wat troch it Universele Hûs fan Gerjochtichheid hjitten wurdt moat troch it hiele minskdom opfolge wurde. Dat Universele Hûs fan Gerjochtichheid moat keazen wurde troch de Hûzen fan Gerjochtichheid yn de hiele wrâld en dy moat alhiel ûnder syn bewâld komme

It wichtichste skaaimerke fan de Iepenbiering fan Bahá'u'lláh is de ynstelling en beneaming fan it Mulpunt fan it Ferbûn. Soks is troch gjin ien fan de eardere Profeten ynsteld. Troch dy ynstelling en foarsjenning hat Hy de religy fan God hoede foar ferdielens en spjaltings; Hy hat it foar elkenien ûnmooglik makke om in nije sekte of party fan leauwigen te foarmjen. Om wis te wêzen fan ienheid en oerienstimming hat Hy mei alle minsken fan 'e wrâld in Ferbûn sletten,

dêr't ek de Fertolker en Utlizzer fan Syn learingen diel fan útmakket. Sadwaande kin nimmen de religy fan God neffens eigen ynsjoch of betinken útlizze en sa in sekte foarmje dy't grûndearre is op syn persoanlik begryp fan de godlike wurden. It Boek fan it Ferbûn of it Testamint fan Bahá'u'lláh is it middel om sa'n mooglikheid foar te kommen, want alleman wa't sprekt op eigen manneboet sil fernedere wurde. Nim dat goed yn jim op.

#### GEBED EN MEDITAASJE.

12. O dû geastlike freon! Wit dat gebed perfoarst nedich en ferplichte is, en dat de minske dêr ûnder gjin betingst fan frijsteld is, behalven as er geastlik net yn oarder is of in net oer te kommen beswier him it bidden behinderet.

13. As de minske ta syn Hear bidt, him ta Him keart en om de jeften út 'e oseān fan Syn gollens freget, ferljochtet dy bea syn hert en syn each jout libben oan syn siel en ferheget syn wêzen.

14. O dû suvere fan geast! Kear dy ta God mei in hert dat slacht fan leafde foar Him, wij dy oan it loovjen fan Him, hâld it each rjochte op Syn Keninkryk en sykje de help fan Syn Hillige Geast yn in steat fan opteinens en útskroevenheid, leafde, ymnoedich langstme, blydskip en swietrokigens. God sil dy bystean, troch in Geast fan Syn Oanwêzigens, om sykten en kwalen te genêzen.

15. It ferstân en de geast fan de minske meitsje foarútgong as hy troch lijen besocht wurdt. Hoe mear't de grûn omploege wurdt, safolste better kin it sied opkomme en safolste riker sil de risping wêze. Lykas de ploege de ierde djip trochsnijt om dy te suverjen fan túch en stikels, befrije besikingen en lijen de minske fan de ûnbetsjuttende dingen fan dit ierdske libben, oant er dêr folslein frij fan rekket. Ut syn libbenswannel yn dizze wrâld sil godlik gelok strielje. De minske is sa te sizzen noch net ryp, de hjittens fan it fjoer fan slim lijen sil him rypje. Sjoch mar hoe't yn earder tiden de grutte geasten it meast lit hawwe.

16. Meditaasje is de kaai om de doarren fan mystearjes iepen te meitsjen. Yn dy tastân sûnderet de minske him ôf, en makket er himsels los fan alles wat him omjout. Yn dy subjektive stimming is er ûnderdompele yn in oseaan fan geastlik libben en kin er de geheimen fan it wêzen fan de dingen neikomme. Om dat dúdlik te meitsjen moat men jin de minske foarstelle as bejeftige mei twa soarten gesicht. As er it gesicht brûkt dêr't er mei nei binnen sjen kin, sjocht it oare gesicht, dêr't er mei nei bûten sjen kin, neat.

Dat fermogen fan meditaasje ferlost de minske fan syn dierlike aard, makket dat er de wurklikeheid fan de dingen sjocht, en bringt him yn kontakt mei God. Dat fermogen bringt út it ûnsjenlike flak keunsten en wittenskippen oan it ljocht. Troch dat fermogen fan meditaasje wurde útfiningen mooglik, komme grutte wurken ta stân en kinne steaten oarderlik regearre wurde. Troch dat fermogen giet de minske yn ta it Keninkryk fan God.

17. Haw de minsken leaf om't God it wol en net om harsels. Dû silst nea liik of ûngeduldich wurde ast de minske leavest om't God it wol. Minsken binne net folmakke. Alle minsken binne yn 't iene of oare ûnfolmakke en dû silst altyd ûngelokkich wêze ast de minske sels besjochst. Mar astû dyn each rjochtest op God, dan silst de minsken leafhawwe en freonlik foar har wêze want de wrâld fan God is de wrâld fan folsleinens en fan folsleine genede. Sjoch dus net nei ien syn tekoarten; sjoch mei it each fan ferjouwing. It ûnfolleine each nimt ûnfolleinsens waar. It each dat ree is om te ferjaan sjocht op nei de Skepper fan de minsken. Hy skoep har, hy bringt har grut en stiet noed foar har, bejeftiget har mei kundigens en libben, mei it fermogen om te sjen en te hearren, dêrom binne sy de tekens fan Syn gruttens. Do moatst dus alle minsken leafhawwe en freonlik foar elkenien wêze, dû moatst de earmen fersoargje, de swakken beskermje, de sike genêze en de ûnwittenden ûnderrjochtsje en opfiede.

#### DE GEAST IS PROGRESSYF.

18. No is de tiid kommen dat de minske mei alle krêft dy't yn him is stride moat foar geastlike saken. De materiële beskaving hat in grutte hichte berikt, mar no is der ferlet fan geastlike beskaving. Materiële beskaving allinne sil net foldwaan, en jout gjin oplossing foar de tastannen en neden fan de tsjintwurdige tiid. De woldieden dêrfan bliuwe beheind ta de stoflike wrâld. Foar de geast fan de minske bestiet lykwols gjin beheining, want dy is foarútstribjend yn himsels en as de godlike beskaving ta

stân brocht wurdt, sil de geast fan de minsken in hege flecht nimme. Elk fermogen dat him ûntjûn hat sil de minske betûfter meitsje. Sy sille stadichoan better it wêzentlike ûntdekke en linkendewei mear de ynfloed fan de godlike lieding tajaan. Dat docht allegear ta oan it ta stân kommen fan de godlike beskaving. Dat wurdt yn de Bibel bedoeld mei it del kommen fan it nije Jeruzalim. It himelske Jeruzalim is oars neat as de godlike beskaving, dêr't no de tiid foar kommen is. It sil wis wier ta stân komme en de ienheid fan it minskdom sil sichtber wurde. Dan sil it minskdom ta in ienheid gearbrocht wurde. De ferskate godstsjinsten sille gearrane en de ûnderskate rassen sille feriene wurde. East en West sille feriene wêze en it findel fan wrâldfrede sil iepenteard wurde. De wrâld sil op it lêst frede fine en de lykwaardigens en rjochten fan de minsken sille fêststeld wurde. De minsken sille neffens har aard en mooglikheden beoardiele wurde. Hja sille sa'n hichte berikke dat gelykwaardigens wurklikheid wurdt.

IT IVIGE KENINKRYK.

19. As ik dy ramp\* yn in oar ljocht besjoch, fyn ik treast yn it witten dat de wrâlden fan God ûneinich binne; dat, al waard har dit libben ûntnommen, sy oare mooglikheden hawwe yn it libben dêrjinsen, lykas Christus sein hat: "Yn myn Heite hûs binne gâns keamers" 1)

\*It fergean fan de "Titanic" yn 1912

1)Fergel. bibel - Joh. 14:2

Hja waarden weiroppen út it tydlike en oerbrocht nei it ivige; hja ferlieten dizze stoflike wrâld en gyngen yn ta de poarten fan de geastlike. Yn stee fan ierdske nocht en wille hawwe se no diel oan in wille en in lok dy't folle bliuwend en echter binne; want hja binne mei hasten gien nei it keninkryk fan God. Gods barmhertigens is einleas en it is ús plicht om yn ús gebeden te tinken oan har dy't fertige binne sadat se aloan neier by de Boarne Sels komme meie.

De tastân fan de minske kin fergelike wurde mei dy fan it bern yn de memmeskurte dat by de berte terjochte komt yn de wide wrâld dêrbûten. Yn 't earst falt it it bern tige swier him del te jaan by syn nije bestean. It gûlt as woe it de besletten rûmte, dêr't it oant no ta yn libbe, net ferlitte en as tocht it dat it libben beheind wie ta dy lytse rûmte. It akselt tsjin om syn hûs te ferlitten mar de natoer driuwt it de wrâld yn. Yn syn nije tastân kommen, sjocht it dat it út it tsjuster oergien is nei in wrâld fan ljocht. Ut in tsjustere, beheinde rûmte is it oerbrocht nei in hearlike wide omjouwing. Syn fiedsel kaam út it bloed fan syn mem, no kin it wille ha fan lekker iten. Syn nije libben is fol mei ljocht en skientme. It sjocht letter fernuveren en optein nei de hege bergen, de griene greiden, de rivieren en fonteinen en de skitterjende stjerren. It asemt de besieljende sfear yn en dan priizget it God foar de ferlossing út de beheining fan syn earder libben en foar it ûntfangen fan de frijdom fan in nije wrâld. Allyksakin it libben op ierde fergelike wurde mei it libben nei de dea. De siel fan de minske giet oer út it tsjuster en de ûnwissens

nei it ljocht en de wurklikheid fan it ivige Keninkryk. Ynearsten falt it tige swier de dea wolkom te hjitten mar nei it berikken fan it nije libben is de siel tankber want hy is ferlost út de slavernij fan it beheinde om te genietsjen fan de frijheden fan it ûnbeheinde. Hy is frijmakke út in wrâld fan smert, fertriet en besikingen om te libjen yn in wrâld fan einleaze loksilligens en blydskip. Hy hat syn waarnimbere en fysike tastân ferlitten om de mooglikheden fan it folsleine en geastlike te berikken. Dêrom binne de sielen fan har dy't dizze ierde ferlitten hawwe en de tiid fan har ierdske pylgerreize foleine hawwe yn de ramp mei de "Titanic" mei hasten oergien nei in wrâld heger as dizze.

IT LJOCHT IS IEN.

20. Folsleine bruorskip is de grûnslach fan 'e mienskip, want, alle minsken binne tsjanners fan ien God, hearre by ien famylje wylst God har op 'e noed hat en foar har soarget. De bân fan bruorskip bestiet yn 'e mienskip want alle minsken binne bejeftige mei ferstân en skepen yn it ryk fan de evolúsje. Bruorskip is potinsieel yn it minskdom oanwêzich want alle minsken bewenje dizze ierdbal ûnder itselde himelferwulf. Bruorskip is it minskdom oanberne want alle minsken foarmje meiinoar ien mienskip dy't ûnderwurpen is oan de needsaak fan oerienstimming en gearwurking. Bruorskip is ornearre foar it minskdom want alle minsken binne weagen fan ien see, blêden en fruchten fan ien beam. Dit is fysike bruorskip dy't it minskdom fan materieel gelok bewisset. Hoe hechter as dy bruorskip wurdt, hoe mear 't it minskdom foarútgean sil



en hoe mear minsken oan de materiële wolfeart diel hawwe sille.

De wiere bruorskip is geastlik want fysike bruorskip rint út op skieding. De oarloppen yn dizze wrâld bringe twaspjalt ûnder de minsken, mar yn it ivige ryk fan de geastlike bruorskip wit men fan gjin twaspjalt. Materiële of fysike ferbûnens is grûndearre op ierdske belangen, wylst godlike bruorskip syn bestean te tankjen hat oan de asem fan de Hillige Geast. Geastlike bruorskip kin fergelike wurde mei it ljocht en de sielen fan de minsken mei lampen. De barnende lampen hjirre binne machtich, mar dochs is it ljocht ien.

Materiële bruorskip foarkomt en behinderet oarloppen net en makket gjin ein oan de skelen ûnder de minsken. Mar geastlike ferbûnens ferneatiget alle grûn foar oarloch, besljochtet skelen folslein, befoarderet de ienheid fan it minskdom, ropt de minsken ta in nij libben, makket dat it hert him keart nei it Keninkryk fan God en dat de minsken doopt wurde mei de Hillige Geast. Troch dy godlike bruorskip sil de stoflike wrâld begjinne te skitterjen fan de godlike ljochten. De stoflike wrâld sil lykas in spiegel it godlike ljocht opheine en wjerkeatse en gerjochtichheid sil yn de wrâld grûnfêste wurde sadat der gjin spoar fan tsjusternis, hate en fijânskip mear te fernimmen wêze sil. It minskdom sil binnen de grinzen fan feiligens reitsje, it profeetskip fan alle Boadskippers fan God sil erkend wurde, Sion sil springe en dûnsje, Jeruzalim sil him ferbliidzje, de Mozaïske flamme sil ûntstutsen wurde, it Messiaanske ljocht sil skine, de

wrâld sil in oare wrâld wurde en it minskdom sil nije krêft oanlûke. Dat is de grutste godlike jefte; dat is de glâns fan it Keninkryk fan God; dat is de dei fan pracht en swidens; dat is de ieu fan barmhertichheid. Wy moatte wiis mei dy dingen wêze en tige ús bêst dwaan sadat de djipste winsk fan 'e Profeten no wurklikheid wurde kin en alle blide Boadskippen no neikomme kinne.

#### IENHEID FAN RAS.

21. Foar God bestiet der gjin ûnderskie yn hûdskleur; alle minsken binne ien yn de kleur en de skientme fan tsjinstberens oan Him. Kleur is net wichtich, op it hert komt it oan. It giet net om de bûtenkant, as it hert mar blank en suver is. God sjocht net nei it ferskil yn hûdskleur, Hy sjocht nei it hert. Waans seedlike libben en deugden priizge wurde kinne, stiet heech by God oanskreaun, Hy is it wiiste mei him dy't tawijd is oan it Keninkryk fan God. Yn it ryk fan ûntstean en skepping is de hûdskleur yn 't minst net fan belang.

It ryk fan de mineralen bestiet út in oerfloed fan stoffen en gearstallingen yn de meast ûngelikense kleuren, mar om dy reden meitsje se gjin spul. Ek yn it planteryk sjogge wy in bûnt ferskaat fan kleuren, mar fruchten en blommen hawwe dêr gjin skeel om. Krekt oarsom, al dat ûngelikense jout krekt syn bekoaring oan de tún. As alles deselde kleur hie soe it in ientoanich en tryst effekt jaan. As jim yn in roazetún komme spriedt de wielde fan kleuren en it ferskaat fan blommen in skilderij fan wûnder en skientme foar

jim út. De minskewrâld is lykas in tún en de ûngelikense rassen binne de blommen dy't him opsiere. Ek yn de bistewrâld fine wy ferskaat fan kleuren. Sjoch mar hoe't de downen ferskille yn skientme en dochs yn folsleine frede en leafde meiinoar libje. Ferskil yn kleur is foar har gjin reden foar kreauerij en skeel. Sy beskôgje inoar as bisten fan deselde soarte. Sy witte dat se fan deselde soarte binne. Faak fjlocht in wite do mei in swarte de loft yn. Nearne yn de bistewrâld fine wy skieding fan skepsels troch har kleur. Sy sjogge de ienheid fan de soarten yn. As wy sjogge dat yn in ryk fan legere yntelliginsje en ferstân gjin skieding makke wurdt om de kleur, hoe kin it dan rjochtfeardige wurde by de minsken, benammen as wy witte dat se allegear deselde oarsprong hawwe en by deselde famylje hearre? Fan it begjin ôf is it minskdom ien, sa is it by de skepping bedoeld. Ferskillen fan ras en kleur binne letter ûntstien.

Dêrom bin ik no benammen bliid dat hjir blanken sawol as negers gearkommen binne en ik hoopje dat de tiid komme sil dat sy yn de grutste frede, ienheid en freonskip meiinoar libje. Ik wol wat sizze dat foar beide fan belang is sadat it blanke ras de negers rjochtfeardich en freonlik behannelje sil en it donkere ras op har bar de blanken tankber wêze sil en wurdearring foar har hat. De grutte proklamaasje fan frijheid en ôfskaffing fan 'e slavernij waard op dit kontinent ôfkundige. De blanken hawwe foar de negers in lange en bloedige oarloch fierd. De blanken ferlearen har have en offeren by tûzenen har libben sadat de negers ferlost wurde koene út de slavernij. De negerbefolking fan 'e Feriene

Steaten fan Amearika is mooglik net folslein op 'e hichte fan de fierrikkende útwurking fan dy befriijing en emansipaasje op har kleure bruorren yn Asië en Afrika, dêr't noch folle ôfgryslsker foarmen fan slavernij bestiene. Beynfloede en oantrune troch it foarbyld fan 'e Feriene Steaten kundigen de Europeeske folken op 'e hiele wrâld frijheid foar it donkere ras ôf en oan 'e slavernij kaam in ein. Dat skreppen fan 'e blanken en it foltôgjen fan de striid mei nea út it each ferlern wurde. Beide rassen soene tankber wêze moatte want troch de ôfkundiging fan frijheid en gelikensens hjirre waarden har lotgenoaten earne oars yn 'e wrâld frijmakke fan 'e slavernij. De negers yn dit lân binne benammen gelokkich want, priizgje God, de libbensomstannichheden hjirre binne safolle better as yn it easten en de mooglikheden om itselde te berikken as de blanken binne omtrint gelyk. Meie beide rassen har ûntjaan ta de heechste foarm fan lykwaardigens en altruïsme. Meie jimme yn freonskip nei inoar talutsen wurde en mei der sa'n ûntjouwing komme dat bruorskip wurklikheid en wierheid wurdt. Ik bid yn jim belang dat der allinne de namme fan it minskdom ûnder jim wêze sil. Wy prate bygelyks ek oer "in flecht down", sûnder te tinken oan it ûnderskie yn wite en swarte; wy brûke de namme "hynder", "hert", "gaselle" foar ûngelikense skepsels en tsjutte dan op soarten en net op har ferskaat yn kleur. Ik hoopje dat wy troch leafde en freonskip inoar fan wjerskanten sa wurdearje sille dat de ienheid fan de minskewrâld wurklikheid wurde mei yn elk dy't hjir op dizze gearkomste oanwêzich is.

## IN NIJE MAATSKIPPIJ.

22. Untjouwing en foarútgong betsjutte ornaris in stadige feroaring. Sa kin bygelyks geastlike foarútgong fergelike wurde mei it ljocht fan 'e iere moarn. Alhoewol't dat ljocht fan 'e dage noch swak en dizich is kin in ferstannich minske al by it alderearste begjin fan it opkommen fan de sinne foarsizze hoe't dy yn al syn prâcht en swidens ferrize sil. Hy is der wis fan dat dit noch mar it begjin is fan syn manifestaasje en dat syn krêft letter tige grut wurde sil. Noch in foarbyld. As immen in siedsje hat en sjocht dat it útsprút, is er der wis fan dat it lang om let in beam wurde sil. Op it heden begjinne de krêften fan de geast sichtber te wurden en it is ûnmijber dat har besieljende ynfloed sterker en sterker wurdt. Dêrom is dizze tweintichste ieu de dage fan de geastlike ferljochting en is it dúdlik en klear dat dy alle dagen tanimme sil. Hy sil sa sterk wurde dat geastlike útstrielings it lichaamlike oerwinne sille, sadat godlike geastkrêft de materiële yntelliginsje oerhearsje sil en it himelske ljocht it ierdske tsjuster weibant. De godlike genêzing sil alle kwêa suverje en de wolk fan genede sil syn rein útjitte. De Sinne fan Wurklikheid sil skine en de hiele ierde sil syn moaiste griene kleed oandwaan. Gefolgen fan de iepenbiering fan geastlike krêften sille ûnder oaren wêze dat de minsken op in nije manier meiinoar begjinne te libjen, dat de gerjochtichheid fan God ta utering komt yn alles wat de minsken dogge en dat de lykweardigens fan de minsken op de hiele wrâld ta stân brocht wurde sil. De earmen sille grutte jeften ûntfange en de riken ivich lok. Want hoewol't de riken

tsjintwurdich yn de grutste wielde en lúkse libje, dochs ûntbrekt it har oan it ivige lok want ivich lok giet mank mei jaan en de earmen libje oeral noch yn grutte earmoede. Troch de manifestaasje fan de grutte rjochtfeardichheid fan God sille de earmen fan de wrâld folslein beleanne en bystien wurde. De ekonomyske tastân sil him sadanich fernije dat der yn 'e takomst gjin ôfgryslke riken mear wêze sille, noch minsken dy't omkomme yn earmoede. De riken sille likegoed wille ha fan dy nije ekonomyske tastân as de earmen, want tank sij guon foarsjenningen en beheiningen sille se net by steat wêze om safolle byinoar te garjen dat it behear derfan in lêst foar har wurdt, wylst de earmen befrijd wêze sille fan de druk fan need en ellinde. De rike sil wille ha fan syn paleis, en de earme sil syn geryflike wente hawwe.

#### SAN KEARSEN FAN IENHEID.

23. Alhoewol't der yn ferfleine tiidrekken harmony bestie, koe, om't de middels ûntbrieken, de ienheid fan it hiele minskdom net ferwurklike wurde. De kontinenten bleauwen fier fan inoar skaat en sels foar de folken fan itselde kontinent wie it suver net mooglik ferbining meiinoar te hawwen of mei inoar yn petear te kommen. Omgean meiinoar, begryp en ienheid fan alle folken op ierde koene sadwaande net berikt wurde. Yn dizze tiid binne der lykwols sa'n soad kommunikaasjemiddels kommen dat de fiif kontinenten eins al gearraand binne ta ien. Allyksa binne alle leden fan 'e mienskip, oft it no folken of regearingen, stêden of doarpen binne wat langer wat mear ôfhinklik fan inoar wurden. Gjinien kin

langer alhiel op himsels stean, meidat politike belangen alle folken en naasjes meiinoar ferbine, wylst ek op it mêd fan hannel en yndustry, lânbou en ûnderwiis de ûnderlinge bannen alle dagen fêster wurde. Dat hat ta gefolgen dat yn dizze tiid de ienheid fan it minskdom berikt wurde kin. Dat is yndied ien fan dy wûnders fan dit bûtenwenstige tiidrek, dizze skoandere ieu. Eardere tiden moasten dit misse, mar dizze ieu - de ieu fan ljocht - is fol fan unike en net te belykjen gloarje, krêft en swidens. Dêrfandinne dat alle dagen op wûnderbaarlike wize in nij wûnder iepenbiere wurdt. Lang om let sil men sjen hoe klear as de kearsen fan ienheid barne yn 'e minskemienskip.

Sjoch mar hoe't it ljocht fan 'e ienheid op 't heden daget oan 'e tsjustere kym fan 'e wrâld. De earste kears is de ienheid op it politike mêd, dêr't it earste slûge skynsel no fan waarnomd wurde kin. De twade kears is de ienheid fan it tinken oangeande gearwurking op wrâldnivo, dêr't wy meikoarten de foleining fan sjen kinne. De tredde kears is de ienheid yn frijdom, dy't grif komme sil. De fjirde kears is de ienheid fan godstsjinst dy't de hoekstien fan alles is en dy't troch de macht fan God yn al syn swidens iepenbiere wurde sil. De fyfde kears is de ienheid fan de folken, in ienheid dy't yn dizze ieu hecht ta stân brocht wurde sil, sadat alle minsken op ierde har as boargers fan ien mien-skiplik heitelân beskôgje sille. De seisde kears is de ienheid fan ras, dy't fan alle minsken en slachten dy't op ierde wenje ien ras meitsje sil. De sânde kears is de ienheid fan taal, dat wol sizze dat der ien wrâldtaal keazen wurde sil, dy't njonken de lânstalen, oan alle minsken

leard wurde sil sadat se meiinoar prate kinne. Dat allegearre sil grif ta stân komme meidat de krêft fan it Keninkryk fan God dêrta syn help jaan sil.

#### STOFLIKE EN GEASTLIKE IENHEID.

24. De ienheid dy't ûnbeheind fertuten docht, is yn 't foarste plak in ienheid fan it minskdom, dat tajout dat alle minsken beskerme wurde ûnder de hoedzjende gloarje fan de Algloarjerike; dat alle minsken tsjinnere binne fan ien God, want allegear sykhelje se yn deselde lucht, wenje se op deselde ierde, en bewege har ûnder deselde himel. Op elk falle de strielen fan deselde sinne en allegear steane se ûnder de hoede fan ien God. Dat is de grutste ienheid en as it minskdom him dêroan hâldt docht dy bliuwend fertuten. Mar oant no ta ha de minsken dy ienheid skeind troch fêst te hâlden oan sektarisme of oare beheinde ienheden lykas rassewaan, patriottisme en eigenbelang; dêrom binne grutte fertuten weibleaun.

In oare ienheid is de geastlike ienheid dy't fuortkomt út 'e besieling fan de Hillige Geast. Dy stiet heger as de ienheid fan it minskdom. Minsklike ienheid of solidariteit kin fergelike wurde mei it lichem, wylst de ienheid troch de besieling fan de Hillige Geast de geast is dy't libben jout oan it lichem. Dat is in folsleine ienheid. Hy bringt sa'n feroaring yn it minskdom twei dat elk ree is offers te bringen foar syn meiminske en sels mei ynmoed begeart syn libben en alles wat der by heart te jaan foar it wolwêzen fan in oar ... Dy ienheid is de wiere



geast fan it lichem fan de wrâld. It is ûnmooglik foar dat lichem om wer ta nij libben te kommen sûnder syn libbenjaande krêft.

## DE GRUNSLACH FAN DE EKONOMY.

25. It Bahá'í Leauwe beflapt alle ekonomyske en sosiale fraachstikken yn syn wetten en foarskriften. De kearn fan de Bahá'í geast is dat men om de sosiale en ekonomyske tastannen te ferbetterjen him hâlde moat oan de wetten en begjinsels fan it regear. Under de wetten dy't it wrâldbestjoer regelje moatte, kinne de sosialisten mei rjocht en reden opkomme foar rjocht foar de minsken mar sûnder har taflecht te nimmen ta macht en geweld. De regearingen sille dy wetten opstelle sadat in rjochtfeardeige wetjouwing en ekonomy ta stân komme en de minsken safolle mooglik wille hawwe fan de wolfeart en foarrjochten; mar dat moat altyd barre neffens de wetlike beskerming en proseduere. Sûnder wetlike administraasje komt der fan alle rjochten en easken neat te lâne en kin it wolwêzen fan de befolking net ferwurklike wurde. Tsjintwurdich makket men gebrûk fan stakingen en geweld om ta syn doel te kommen, wat net yn oarder is en de Grûnslach fan de mienskip ûnderwrot. Rjochtfeardeige foarrjochten en easken moatte yn wetten en foarskriften fêstlein wurde.

Tûzenen minsken hâlde har mei dy fraachstikken dwaande mar ús bedoelingen binne wêzentliker. De grûnslagen fan de hiele ekonomy binne godlik fan aard en ferbûn mei de wrâld fan hert en geast. Dat wurdt wiidweidich yn de Bahá'í lear dúdlik makke en sûnder witten fan dy begjinsels

kin in ferbettering fan de ekonomyske tastân net ta stân komme. De Bahá'ís wolle dy foarútgong en ferbettering ta stân bringe, mar net troch reboelje en geweld, net troch oarloch, mar troch wolfeart. De herten moatte sa gearsmeid wurde, de leafde moat sa oerhearskjend wêze dat de riken folslein frijwillich de earmen help ferliene en prikken yn it wurk stelle sille om dy ekonomyske rjochtsettingen foar altyd fêst te lizzen. As dat op dy manier berikt wurdt, sil it tige te priizgjen wêze want dan docht men it om de wil fan God en om Him te tsjinjen.

#### GEARWURKING IS NEEDSAAKLIK FOAR DE MINSKEN.

26. Der besteane guon skepsels dy't iensum en allinne libje kinne, In beam bygelyks kin libje sûnder help en meiwurking fan oare beammen. Guon bisten libje apart en yn ôfsûndering, fier fan har soartgenoaten. Foar de minsken is dat lykwols ûnmooglik. Yn syn libben binne gearwurking en kammeraatskip perfoarst nedich. Troch gearwurking en omgong mei oaren fine wy gelok en kinne wy ús, yndividueel sawol as kollektyf, ûntjaan.

27. Ferskil yn kapasiteiten tusken de minsken is it minskdom eigen. It is ûnmooglik dat se alle gear gelyk of like ferstannich binne. Bahá'u'lláh hat begjinsels en wetten iepenbiere dy't ûngelikense kapasiteiten fan de minsken oan inoar oanpasse sille. Hy hat sein dat alles wat de minsken op it mêd fan it bestjoer ta stân bringe kinne troch dy begjinsels wurklikheid wurde kin. As de wetten dy't hy ynsteld hat neilibbe wurde, sil it net mooglik wêze dat der yn

de mienskip noch miljonairs of stienearmen binne. Dat sil sa te stân komme troch de ûngelikense kapasiteiten fan de minsken ta har rjocht komme te litten. De fundamintele grûnslach fan de mienskip is de lânbou, it bewurkjen fan de grûn. Alle minsken moatte produktyf wêze. Elk minske yn de mienskip dy't in ynkommen hat dat like heech is as syn eigen produksje-kapasiteit sil frijsteld wêze fan belesting, behalven as syn ynkommen grutter is as syn ferlet dan moat er belesting betelje oant er wer lyk is. Dat wol dus sizze: alle produksjekapasiteit fan in minske en syn ferlet moatte troch belesting yn 't lyk brocht wurde. As ien mear produsearret as er nedich hat betellet er belesting. Hat er mear nedich om te libjen as dat er produsearret dan krijt er in bedrach sadat der gjin ferskil mear is. Dêrom sil de belesting altyd neffens de kapasiteit en de produksje wêze sadat der gjin earmoed yn de wrâld bestean sil.

#### DE IENHEID FAN IT MINSKDOM.

28. It ljocht fan de sinne wurdt troch elk foarwurp wjerkeatst neffens de mooglikheden fan dat foarwurp. It iennichste ferskil is de graad fan ûntfanklikens. In stien heint mar in bytsje ljocht op, wylst in oar ding krekt in spegel is dêr't de hiele sinne yn wjerkeatst wurdt; dochs skynt op beide itselde ljocht.

It wichtichste is om de spegels fan de herten te suverjen sadat dy it godlike ljocht opheine kinne en der troch ferljochte wurde. It iene hert sil de kapasiteit fan de skjinne spegel besitte, it oare sil oerdutsen en fertsjustere

wêze troch de smoargens en it túch fan dizze wrâld. Alhoewol 't op beide deselde sinne skynt kin men yn de kleare, skjinne en wijde spegel de sinne yn syn folle gloarje, krêft en majesteit oanskôgje, wylst de spegel dy't rustich en smoarch is net by steat is it ljocht te wjerkeatsen en dochs skynt de sinne like sterk op beide spegels. Dêrom is it ús plicht om te besykjen de spegels fan ús hert te suverjen en glânzje te litten sadat wy wjerkeatsers fan dat ljocht wurde sille en de oerfloedige jeften fan God ûntfange kinne dy't dêrtroch sichtber wurde kinne.

Dat betsjut de ienheid fan it minskdom. Dat wol sizze, as dizze politike minske-maatskippij in tastân fan folsleine ienheid berikt, sil de ivige sinne al syn ljocht en waarmte útstrielje kinne. Dêrom moatte wy gjin ûnderskie meitsje tusken de ûnderskate leden fan de famylje fan it minskdom. Wy moatte net tinke dat ek mar ien minske Gods genedejeften net ûntfange kin of dêrfan útsletten bliuwt. It is ús plicht de minsken sa op te fieden dat de Sinne fan de genedejeften fan God yn har wjerkeatst en dat is mooglik troch de krêft fan de ienheid fan it minskdom. Hoe mear leafde de minsken inoar bewize en hoe sterker as de krêft fan de ienheid is, safolste dúdliker sil dy wjerspegeling sichtber wurde, want de grutste jefte fan God is de leafde. Leafde is de boarne fan alle jeften fan God. Oant de leafde it hert yn besit nimt, kin dêr gjin oare godlike jefte ta utering komme.

## IT DOEL FAN DE SKEPPING FAN DE MINSKE.

29. It doel fan de skepping fan de minske is it winnen fan de heechste minsklike deugden troch it delsaaien fan de himelske jeften. De minske is dêrom skeepen foar ienheid en harmony, net foar kreauerij en twaspjalt. As der gjin krêft bestien hie dy't de atomen dêr't it ryk fan de mineralen út gearstald is, byinoar hâldt, soe de ierde nea foarme wêze en koe it hielal net skeepen wêze. Om't sy inoar oanlûke, kin de libbenskrêft ta utering komme en kinne der yn dizze stoflike wrâld organismen ûntstean. As dy binende krêft of atomyske affiniteit ferneatige wurdt hâldt ek de libbenskrêft op te bestean; dea en net bestean binne dan it gefolch.

Krektlyk sa is it yn de geastlike wrâld. Dy wrâld is it Keninkryk fan de folsleine biningskrêft of affiniteit. It is it Keninkryk fan de iene godlike geast, it Keninkryk fan God. De biningskrêft en leafde dy't op dizze gearkomste hearskje, de ûntfanklikheid foar it godlike dêr't wy hjir tsjûgen fan binne, binne net fan dizze wrâld mar fan de wrâld fan it Keninkryk. As de minsken har ôfskiede en allinne om harsels tinke, komme de godlike jeften net del en wurdt it ljocht fan de Heechste Mannichte net langer yn har wjerkeatst, sels al komme se lichaaamlik gear. In spegel dy't fan de sinne ôfkeard is hat gjin krêft om de strielen fan de sinne te wjerkeatsen.

De Godlike Profeten kamen om de ienheid fan it Keninkryk yn it hert fan de minsken te fêstigjen. Allegear ferkundigen hja it blide boadskip fan de Godlike jeften oan it minskdom. Allegearre

brochten hja itselde boadskip fan Godlike leafde oan de wrâld.

30. De wrâld is in nije wrâld wurden. It tsjuster fan de nacht dat it minskdom omjoech, is oan it ferdwinen. In nije dei is oanbrutsen. Untfanklikens foar it Godlike en himelske krêften ûntjouwe har yn de sielen fan de minsken ûnder de lieding fan de Sinne fan de Wierheid. De kapasiteiten fan de sielen binne net gelyk. Har omstannichheden binne net deselde. Der binne bygelyks mineralen dy't út stiennige streken fan de ierde komme. It binne allegear mineralen, allegear ûntstien troch deselde sinne, mar it iene bliuwt in stien wylst yn it oare de eigenskippen fan in fonkeljende kostbere edelstien har ûntjouwe. Op it iene stik lân waakse tulpen en hyasinten, op it oare stikels en toarnen. Elk stik ûntfangt de woldieden fan it sinneljocht mar kin dy net likegoed yn him opnimme. Dêrom is it nedich dat wy ús fermogens en ûntfanklikens foar it godlike ûntwikkelje sadat de genedige myldens fan de Sinne fan de Wierheid, dy't ornearre is foar it tiidrek dêr't wy yn libje, fan ús wjerspegelt as it ljocht fan suvere kristallen.

De myldens fan de Seinige Skientme is einleas. Wy moatte besykje ús ûntfanklikens alle dagen te fersterkjen en ús fermogen om dizze woldieden op te nimmen te fergrutsjen; wy moatte wurde as folsleine spegels. Hoe glânzjender en klearder de spiegel is, safolste better wjerkeatst er de strielen fan it ljocht fan de Sinne fan de Wierheid. Wês lykas in goed ûnderhâlden tún dêr't himelske roazen en in bûnt ferskaat fan blommen fol pracht en swietrook steane te bloeien. Ik hoopje dat jim hert wurde sil lykas grûn dy't

mei soarch omploege en bewurke is, dêr't de godlike streamen fan segen fan de Seinige Skientme\* op delkomme meie en dêr't de sigen- tsjes fan de godlike maitiid oerhinne waaien mei in asem dy't nij libben jout. Dan sil de tún fan jim herten kostlike swietrokige blommen jaan, dêr't de himelske Túnman de hearlike roken fan ynazemt. Lit jim hert de gloarje fan de Sinne fan de Wierheid yn al syn kleuren wjer- spiegelje, om it each fan de godlike kweker dy't har koestere hat te ferbliidzjen. Kom alle dagen neier ta God sadat Syn leafde in elk, mei wa't jim yn oanreitsing komme, ferljochtsje mei. Wês as ien geast, ien siel, blêden fan ien beam, blommen fan ien tún, weagen fan ien oséaan.

Mei't der ûnder de minsken ferskil is yn betûf- tens en fermogens sil de iene minske fan de oare ferskille. Mar yn wurklikheid is dat in reden foar ienheid en net foar skeel en fijânskip. As de blommen fan de tún allegear deselde kleur hiene soe dat foar it each in ientoanich effekt jaan, mar as de kleuren ûngelikens binne is it in nocht om der nei te sjen. It ferskaat yn kleurfersiering en ljochtwjerkeatsing tusken de blommen jout de tún syn fleur en pracht. Alhoewol't wy ûngelikense yndividuën binne, ûngelyk yn tinken, moatte wy der nei stribje yn harmony mei inoar te libjen as blommen mei ûnge- likense rook mar fan deselde godlike tún. Hoewol't elke siel syn persoanlike rook en kleur hat, wjerkeatse se allegear itselde ljocht, jouwe se har rook ôf oan deselde wyn dy't troch de tún waait, en ûntjouwe se har allegear yn folsleine harmony en ienriedigens. Wurd as weagen fan

\* Bahá'u'lláh

ien see, beammen fan ien wâld, waaksend yn de grutste leafde, ienriedigens en ienheid.

#### DE MINSKE EN DE NATUER.

31. De minske is yntelligint, ynstinkyf en bewust yntelligint; de natuer is dat net. De minske is bejeftige mei in ûnthâld, de natuer besit dat net. De minske is de ûntdekker fan de geheimen fan de natuer, wylst de natuer sels gjin witten hat fan dy geheimen. It is dus dúdlik dat de minske twa aspekten hat: krekt as in bist is er ûnderwurpen oan de natuer mar yn syn geastlik of bewust bestean stiicht er út boppe de wrâld fan it stoflik bestean. Syn geastlike krêften, dy't edeler en heger binne, besitte deugden dêr't de natuer yn wêzen gjin bliken fan jout; se triomfearje dêrmei oer de natuer. Dy idéale deugden of krêften yn'e minske steane boppe of oer de natuer, begripe de natuerwetten en -ferskynsels trochgrûnje de heimnissen fan it ûnbekinde en ûnsjenbere en bringe dy foar it ljocht yn de wrâld fan it witten en it sjenbere. Alle besteande keunsten en wittenskippen wiene ienris ferburgen heimnissen fan de natuer. Trochdat de minske de natuer bestjoerde en oerhearske helle er dy út it flak fan it ûnsjenbere en brocht se foar it ljocht yn it flak fan it sjenbere, wylst neffens de regels fan de natuer dy geheimen ferburgen bliuwe moatten hiene.

32. Wittenskip is de earste útstreaming fan God oan de minske. Alles wat skepen is hat yn him de mooglikheden om stoflik folslein te wurden mar it fermogen ta ferstanlik ûndersyk en wittenskiplike ûntdekking is in heger fermogen dat



allinne foar de minske ornearre is. Oare wezens en organismen misse dy mooglikheid en kundichheid. God hat dy leafde foar de wurklikheid yn de minske skepen of lein. De ûntjouwing en foarûtgong fan it folk bart neffens de graad fan wittenskiplike ûntwikkeling fan dat folk. Sadaande komt it stadichoan mear ta bloei en binne de minsken alle dagen weroan wis fan foarspoed en woltier.

Hoe moatte wy dy jeften benutsje en dy woldieden brûke? Troch ús krêften te rjochtsjen op it ienmeitsjen fan it minskdom. Wy moatte alle war dwaan om de ienheid fan it minskdom ta stân te bringen. Wy moatte dy fermogens brûke om de ienheid fan de blanke en kleure folken te berikken. De yntelliginsje dy't God ús skonken hat moatte wy wije oan it folslein meitsjen fan freonskip en harmony ûnder alle tûken fan it minsklik slachte, sadat ûnder de hoede en de foarsjennichheid fan God it easten en it westen inoar de hân jaan sille en freonen wurde sille. Dan sil it minskdom wêze as ien folk, ien ras, en ien soarte; as de weagen fan ien oséaan.

33. God hat de minske it each fan ûndersyk jûn sadat er de wierheid sjen en herkenne sil. Hy hat de minske earen jûn om it boadskip fan de wurklikheid hearre te kinnen en him ferstân skonken sadat er de dingen sels ûntdekke kin. Mei dat allegear is er bejeftige en tarist foar it ûndersyk fan de wurklikheid. It is net de bedoeling dat de minske sjocht troch in oar syn eagen, heart mei in oar syn earen, of begrypt mei in oar syn ferstân. Elk minske hat syn persoanlike jeften, fermogen en ferantwurdlikheid yn it skeppingsplan fan God. Betrou

dus op jim eigen ferstân en oardiel en hâld fêst oan de útkomst fan jim eigen ûndersyk, oars sille jim alhiel fersinke yn de see fan ûnwittendheid en alle woldieden fan God misse. Kear jim ta God, smeeke nederich op Syn drompel, sykje help en krêft dat God de walen dy't jim each fertsjusterje yn stikken skuorre kin. Dan sille jim eagen ferljochte wurde, jim sille each yn each stean mei de wurklikheid fan God en jim hert sil alhiel suvere wurde fan de smetten fan ûnwittendheid en de gloarje en woldieden fan it Keninkryk wjerspegelje.

#### IT BOPPENATUERLIKE YN DE MINSKE.

34. De filosofen fan de wrâld wurde yn twa skiften yndield: materialisten dy't it bestean en de ûnstjerlikheid fan de geast ûntkenne, en de geastlike filosofen dy't godlike wiisheid besitte en wier ferljochte binne, dy't leauwe yn de geast en yn syn fuortbestean hjirnei. De filosofen út 'e âldheid learden dat de minske allinne mar bestiet út de stoflike eleminten dy't syn sellulaire struktuer foarmje en dat it libben fan de minske in ein nimt as dy gearstalling ûntbûn wurdt. Sy redenearren dat de minske allinnich mar lichem is en dat út dy gearstalling fan eleminten fuortkommen binne de organen en har funksjes, de sintugen, fermogens en eigenskippen dêr't de minske oan te kennen is, en dat dy wer alhiel ferdwine mei dat stoflike lichem. Dêr komt yn 'e praktyk de rede-naasje fan alle materialisten op del.

De godlike filosofen ferkundigje dat de geast fan de minske ivich libbet en ûnstjerlik is,

mar om de beswieren fan de materialisten hawwe dy wize mannen fan God ferstanlike bewizen bybrocht om de deugdlikens fan har sjenwize te stypjen. Mei't de materialistyske filosofen net leauwe yn de Boeken fan God, befetsje dy foar har gjin bewizen en binne stoflike bewizen nedich. De mannen fan de godlike kennis hawwe dêrop antwurde en sein dat alle besteande ferskynsels ûnderbrocht wurde kinne yn hieltyd wer hegere graden of riken fan mineralen, planten, bisten en minsken en dat elk ryk syn eigen hichte oangeande funksje en yntelligensje besit. As wy de mineralen besjogge, fernimme wy dat dy besteane troch it besit fan in krêft dy't de dieltsjes nei inoar ta lûkt en ferbynt. De planten besitte de eigenskippen fan de mineralen en boppedat noch de krêft om te groeien. Dêr docht klear út bliken dat it planteryk boppe dat fan de mineralen stiet. It ryk fan de bisten besit op syn bar, njonken de eigenskippen fan de mineralen en fan de planten de fiif sintugen dy't yn de legere riken mankearje. Ek it fermogen fan ûnthâld, dat eigen is oan it diere-ryk, bestiet net yn de legere riken.

Lykas it bist edeler is as de plant en it mineraal, sa stiet de minske boppe it bist. It bist besit gjin fermogen om te tinken; it is in finzene fan de natuer en it hat gjin fieling mei datjinge wat yn en boppe de natuer is, it besit gjin geastlike ûntfanklikens, mist de wille fan it bewuste libjen, hat gjin witten fan de wrâld fan God en is net by steat om ôf te wiken fan de natuerwetten.

Mei de minske is dat oars. De minske besit it fermogen fan bewustwêzen, hy kin waarnimme,

kreatyf tinke en is by steat om de geheimen fan it hielal te ûntdekken. Alle yndustryën, útfi-ningen en middels dy't ús it deistich libben nofliker meitsje, wiene ienris ferburgen geheimen fan de natuer mar de wurklikheid fan de minske krong ta dy geheimen troch en hie der wille fan. Neffens de wetten fan de natuer hiene dy geheimen ferburgen bliuwe moatten, mar de minske ferhege him boppe dy wetten, ûntdiek de geheimen en brocht se út it flak fan it ûnsjenbere yn it ryk fan it bekende en sjenbere. Wat is de geast fan de minske dochs wûnder.

Lichemskrêft en sintugen komme lykwols foar by minske en bist beide. Yn feite hat it bist faak better ûntwikkele sintugen as de minske. Sa kinne guon bisten bygelyks ôfgryslik skerp sjen en oaren tige goed hearre. Sjoch mar ris nei it ynstinkt fan in hûn, hoefolle is dat net better as by de minsken. Mar alhoewol't de bisten alle fysike krêften en sintugen besitte krektlyk as de minske, misse se in geastlike krêft dy't wol oan de minske skonken is. Dat is in bewiis dat de minske wat besit dat boppe de fermogens fan in bist útgiet, in fermogen en in krêft dy't eigen binne oan de minske mar dy't yn de legere riken fan it bestean ûntbrekke. Dat is de minsklike geast. Al it wûndere dat de minske folbrocht hat tanket er oan de wurksame en trochkringende krêft fan de minsklike geast. Sûnder dy geast soe neat fan wat er ta stân brocht hat mooglik west ha. Dat is sa klear as in klûntsje.

Alle organismen fan de stoflike skepping binne bûn oan in bepaald byld. Dat wol sizze dat alle skeepen stoflike wêzens in foarm besitte. Se kinne net tagelyk twa foarmen hawwe. In foar-

werp kin bygelyks rûn, trijehoekich of fjouwerkantich wêze mar it kin ûnmooglik twa fan dy foarmen tagelyk besitte. Is it trijehoekich dan kin it earst fjouwerkantich wurde as it syn trijehoekige foarm ferliest. It kin ûnmooglik fjouwerkantich en trijehoekich tagelyk wêze. It is dus dúdlik dat yn de stoflike wurklikheid in foarwerp net tagelyk ûngelikense foarmen hawwe kin. De geastlike wurklikheid fan de minske lykwols kin wol tagelyk alle mjitkundige foarmen besitte, wylst yn de stoflike wurklikheid de iene foarm ferlern wurde moat om yn it besit fan in oare te kommen. Dat is de wet fan feroaring en transformaasje en feroaring en transformaasje binne tekens fan stjerlikheid. As it net ûnderwurpen wie oan dy foarmferoaring soe al it stoflike ûnstjerlik wêze, mar omdat it stoflike bestean wol bleatleit foar dy transformaasje is it stjerlik. De wurklikheid fan de minske besit lykwols alle fermogens. It is foar him net nedich om it iene byld foar in oarenien op te jaan lykas inkeld stoflike dingen dogge. Dêrom is der yn dy wurklikheid gjin feroaring of transformaasje; dy is ûnstjerlik en ivich. In lichem fan in minske kin yn Amearika wêze wylst syn geast yn it Fiere Easten dwaande is mei ûntdekkingen, organisaasje en planning. Wylst er him yn Ruslân dwaande hâldt mei bestjoeren, it meitsjen fan wetten of it opsetten fan in gebou, is syn lichem noch altyd hjir yn Amearika. Wat is de krêft dy't, hoewol't er yn Amearika oan in lichem bûn is, tagelyk dwaande wêze kin yn it Easten mei organisearjen, ferneatigjen of opbouwen? It is de minsklike geast. Dat stiet as in hûs sa fêst.

As jim oer wat neitinke wolle of wat yn jim om-

gean litte, rieplachtsje jim wat binnenyn jim. Jim sizze, sil ik it dwaan of sil ik it net dwaan? Is it better dizze reis te meitsjen of sil ik der fan ôfsjen? Wa rieplachtsje jim? Wa binnenyn jim jout antwurd op dy fraach? Der is grif in dúdlike krêft, in yntelligint ego. As dat net in oar ego wie as jim eigen, soene jim it net rieplachtsje. It is mear as it fermogen om te tinken. It is jim geast dy't jim liedt, jim rie jout en in beslút nimt. Wa is it dy't freget? Wa is it dy't antwurdet? It is sûnder mis de geast en dy leit net bleat foar feroaring of transformaasje, omt er net út parten gearstald is en alles wat net út parten gearstald is, is ivich. Feroaring en transformaasje binne eigenskippen fan gearstalde foarmen. Yn de geast is gjin feroaring of transformaasje. In bewiis dêrfan is dat it lichem yn syn leden fersloppe wêze kin, it kin in lid kwyt reitsje of ien fan syn leden kin ferlamje. It hiele lichem kin ferlamje en dochs bliuwt de geast deselde. De geast beslút, it tinken is yn oarder en al mist de hân syn krêft, al wegerje de skonken har tsjinst, al is de rêchbonke ferlamme en bewege de spieren alhiel net mear, de geast bliuwt deselde. Skein in sûn minske, de geast wurdt net skeind. Set syn skonken ôf, hy behâldt syn geast. Hy kin mank wurde, syn geast wurdt net oantaast. De geast bliuwt altyd deselde, der is gjin feroaring of transformaasje oan te fernimmen en mei't er net foar feroaring en transformaasje bleat leit bliuwt er ivich bestean.

Slaan ris acht op in minske wylst er sliapt. It is dúdlik dat syn hiele lea yn rêst is en net wurket. Syn each sjocht net, syn ear heart net,

syn hannen en fuotten bewege net, mar lykwols sjocht er yn de wrâld fan de dreamen, hy heart, hy praat, hy rint en kin sels fleane yn in masine. Dêr docht út bliken dat de geast altyd warber bliuwt, al liket it lichem dea te wêzen. Ja, it is sels mooglik dat as it lichem sliedt, de waarnimmingsen folle skerper binne, dat de minske in heger flecht nimt en dúdliker heart; alle funksjes wurkje troch wylst dochs it lichem yn rêst is. Dat bewiist dat der in geast yn de minske is en dat it foar dy geast neat jout oft it lichem sliedt, beheind of sels folslein dea is. Dy tastannen meitsje de geast net krêftleas. De geast bestiet en ferliest syn folsleienens net. Dêr binne ûntelbere bewizen foar. Dat binne allegear ferstanlike bewizen. Nimmen kin se tsjinsprekke. No't wy oantoand hawwe dat der in geast is en dat dy geast ivich en ûnfergonklik is, moatte wy war dwaan om der mear fan te witten te kommen. Ik hoopje dat jimme syn krêft kennen leare en jimme ferhaastje sille om der in oan God tawijde, suvere en hillige geast fan te meitsjen: it wiere ljocht fan de wrâld dy't it Easten en it Westen ferljochtet.

#### DE DOAR NEI GODLIKE KENNIS.

35. Yn de wrâld fan it bestean hat de minske op inoar folgjende graden fan ûntwikkeling trochrûn oant er it ryk fan de minske berikte. Yn elke graad fan syn foarútgong hat er de kapasiteit ûntwikkele om op te klimmen nei it folgjende stadium. Yn it ryk fan de mineralen ûntwikkele er de kapasiteit om op te klimmen nei it ryk fan de planten. Yn it ryk fan de planten koe er him tariede foar it diereryk en

dêrwei is er fierder gien nei it ryk fan de minske. Dy hiele ûntwikkelingsreis troch hat er altyd potinsieel minske west.

Yn it earstoan fan syn libben wie de minske in embryo yn de memmeskurte. Dêr krige er de kapasiteiten en de jeften foar de wurklikheid fan it minsklik bestean. De krêften en fermogens dy't er foar dizze wrâld nedich hie waarden him al skonken yn dy beheinde tastân. Yn dizze wrâld hied er eagen nedich, yn dy oare waarden dy ûntwikkele. Hy hie earen nedich, hy krige se dêr om ree te wêzen en taret te wurden foar syn nije bestean. De fermogens dy't er yn dizze wrâld nedich hie waarden him skonken yn de wrâld fan de memmeskurte en doe't er dit ryk fan it wurklike bestean ynkaam hied er net allinnich de needsaaklike organen en krêften ta syn foldwaan mar ûntdiek ek dat iten foar syn stoflike bestean him wachte.

Dêrom moat er him yn dizze wrâld tariede foar it libben hjirnei. Wat er yn de wrâld fan it Keninkryk nedich hat moat hjir behelle wurde.

Dy godlike wrâld is dúdlik in wrâld fan ljocht, dêrom hat de minske hjirre ferljochting nedich. Dat is in wrâld fan leafde, de leafde fan God is wezentlik. Alles yn dy wrâld is folslein, deugden en it folsleine moatte wûn wurde. Dy wrâld wurdt besiele troch de asem fan de Hillige Geast, dêr moatte wy yn dizze wrâld nei stribje. Dat is it Keninkryk fan ivich libben, dat moat wûn wurde yn dit fergonklike bestean.

Op hokker wize kin de minske dy dingen winne?  
Hoe kin er dy genedige jeften en krêften krije?



Yn it foarste plak troch de kennis fan God. Twad troch de leafde fan God. Tred troch leauwe. Fjird troch nommele dieden. Fyfd troch selsop-offering. Sechd troch him los te meitsjen fan dizze wrâld. Sând troch in suver en hillich libben. As de minske dy needsaaklike krêften en fermogens net wint, sil er grif it ivige libben net krije.

Priizge sij God! de doar nei de godlike kennis is iependien troch Bahá'u'lláh, want Hy hat de grûnslach lein sadat de minske de wierheden fan himel en ierde begripe kin en hat ús hjoed op it heechst fuortsterke. Hy is ús learaar en riedsman, Hy is dejinge dy't ús sjocht en dy't barmhertich foar ús is. Hy hat ús Syn jeften skonken en Syn woldieden jûn, alle fermoanningen en befelen iepenbiere, ús it middel jûn om ivige gloarje te winnen de besieljende asem fan de Hillige Geast oer ús blaasd, foar ús eagen de doarren fan it Paradys fan Abhá\* iepene en it ljocht fan de Sinne fan de Wierheid oer ús skine litten.

#### IT FERBUN

36. Mei't der yn it ferline tusken de ûnderskate sekten tige grutte ferskillen oer de fragen fan it leauwe ûntstien wiene, omt elk ornearre dat syn nije miening fan God ôfkomstich wie, hat Bahá'u'lláh wold dat der ûnder de Bahá'ís gjin grûn of reden ta skeel bestean soe. Dêrom skreau Er mei Syn eigen pinne it Boek fan Syn Ferbûn en rjochte Him ta Syn sibben en alle minsken fan de

\* Ljocht, Hearlikheid

wrâld sizzende: "Wis wier, Ik haw Him oanwiisd dy't it Mulpunt is fan Myn Ferbûn. Elk moat Him hearrich wêze, elk moat him nei Him keare, Hy is de útlizzer fan Myn Boek en Hy wit Myn doel. Elk moat him nei Him keare. Alles wat Hy seit is goed, want wierliken, Hy kin de teksten fan Myn Boek. Bûten Him ken nimmen Myn Boek." De bedoeling fan dizze ferklearring is dat der ûnder de Bahá'ís nea twaspjalt en skeel hearskje sille, mar dat se it altyd folslein iens wêze sille. Dêrom hat in elk dy't it troch Bahá'u'lláh oanwiisde Mulpunt fan it Ferbûn hearrich is, Bahá'u'lláh hearrich west en wa't Him net hearrich is hat Bahá'u'lláh net hearrich west. Hoedzje jimme, hoedzje jimme, sadat gjinien fan jim sprekt op eigen manneboet en út himsels wat nijs ynstelt... Bahá'u'lláh skouderet sokke minsken.

37. Yn dit tiidrek sil de beskaving in flecht nimme dy't yn de skiednis fan de wrâld syn wjer-gea net hat. De wrâld fan de minske hat oant no ta yn de jierren fan jonkheid ferkeard. No komt de tiid fan de folwoeksenheid neiby. Lykas it yndividuële minsklike lichem as it folwoeksen wurdt ta folle lichemskrêft en ripe ferstanlike fermogens komt, sadat men dan yn ien jier tiid sa'n ûntjouwing sjen kin as earder net foarkaam, sa sil ek it minskdom yn dizze cyclus fan har foleining en ferfolling in foarútgong sûnder wjer-gea berikke. Dy oandrang nei folsleinens dy't elk minske yn himsels bewarret as in skat fan God -dy allestrochkringende, universele geast- sil him lykas de ferstanlike fermogens iepenbierje yn ûneinige graden fan folsleinens.

## DE HOEKSTIEN FAN RELIGY.

38. O Mannichte fan libjenden! East en West binne gearkommen om stjerren mei taande pracht te oanbidden en hawwe har yn gebed keard nei tsjuster wurden kimen. Beide hawwe se de brede grûnslach dêr't Gods hillige wetten op rêste folslein fersleauke en slane gjin acht mear op de fertsjinsten en treflikheden fan Syn religy. Hja hawwe guon wensten en brúkmien as de steefêste grûnslach fan godsleauwe beskôge en hawwe har dêryn fêstbitten. Sy hawwe harsels ferbylde dat se it gloarieuze hichtepunt fan sukses en foarspoed berikt hawwe, wylst se yn wurklikheid sonken binne oant it djipste punt fan ûnachtsumens en har sadwaande alhiel stelden bûten de mylde jeften fan God.

De hoekstien fan de religy fan God is it winnen fan de godlike folsleinheden en it diel hawwen oan de mannichfâldige jeften fan God. It wichtichste doel fan wier leauwe is om it ynderlike fan in minske te feredeljen troch it útstoarten fan genede fan omhegens. As dat net berikt wurdt berôvet de minske yndied himsels. Dat is de tamtaasje fan helsk fjoer.

De Bahá'ís moatte dêrom allegear dit tige teare en wichtige ûnderwerp yn omtinken nimme, sadat se, yn tsjinstelling mei oare godstsjinsten net tefreden binne mei gekreau en it holle fan godstsjinstige learingen. Krekt oarsom, sy moatte yn alle aspekten fan har libben dy eigenskippen en deugden dy't út God berne binne útdrage, en besykje der út te kypjen troch har nommel hâlden en dragen. Sy moatte bewize dat se mei de died Bahá'ís binne en net allinnich yn namme. In

wiere Bahá'í is hy dy't der dei en nacht nei sribbet folsleiner minske te wurden, waans ynmoedichst langstme is om sa te libjen en te hanneljen dat er de wrâld ferriket en ferljochtet, waans boarne fan ynspiraasje de kearn fan godlike deugd is, waans libbensdoel is troch syn hannel en wannel by te dragen ta in einleaze foarútgong. Allinnich wa't sokke folsleine jeften wint kin in wier Bahá'í neamd wurde. Want yn dizze hillige Beskikking, de gloarje en be kroaning fan foarbygiene ieuwen en cycli is wier leauwe net allinnich it me stimmen fan de Ienheid fan God, mar boppedat it yn it deistige libben útdragen fan de folsleinheden en deugden dy't besletten lizze yn sa'n leauwe.